FERIENING FRYSK UNDERWIIS

Skriuwerskip:
Drs. S.T. Hiemstra
G. Sondermanstrjitte 29
9203 PT DRACHTEN

Frysk op skoalle

160807

In koarte reaksje fan de *Feriening Frysk Underwiis* op it ynspeksjerapport ***De kwaliteit van het vak Fries in het basisonderwijs en het voortgezet onderwijs in de provincie Fryslân,*** Inspectie van het Onderwijs, ynspeksjerapport, septimber 2006.

It rapport bestiet út 2 dielen:
a. It haadrapport 2006-22, dûbeltalich Fr.-H., op haadlinen de ûndersyksbefinings.
b. It technysk rapport 2006-21 yn it Hollânsk mei in folslein ferslach fan de ûndersyksresultaten.

Algemien
De *Feriening Frysk Underwiis* (FFU) is bliid dat it rapport der leit. Yn beliedsmjittich opsicht is it fan grut belang dat de stân fan saken oangeande it ûnderwiis yn it Frysk no formeel/offisjeel ek by de oerheden bekend is. It is gjin publyk geheim dat nochal wat skoallen troch de bank net folle omtinken oan dy wetlike taak jûn hawwe en noch jouwe fanwegen de noch altiten besteande taalpolitike efterstelling. Dy is al sûnt generaasjes oan de oarder. Oerheid, bestjoeren, direksjes, learkrêften en ek âlden kinne lykwols mei de konklúzjes en oanbefellings harren foardiel dwaan. Benammen de oerheid is no oan set om de maatregels te nimmen dy't nedich binne om de Fryske taal en kultuer yn it ûnderwiis syn rjochtlik plak te jaan. Fierder moatte de foechhawwende gesaggen harren ferantwurdlikens nimme om yn de fêst te stellen kurrikula útfiering te jaan oan it wetlik ramt.

De FFU is der ek wiis mei dat it rapport sawol it primêr as it fuortset ûnderwiis bestrykt. Oant no ta joegen de eardere rapporten oer de praktyk fan it Frysk in byld fan ien fan beide skoalsoarten. Mei it each op de breanedige trochgeande line is it rapport in foarútgong, omdat it belied no better ynspylje kin op ûnderwiis yn it Frysk sûnder ûnderbrekkings (4 oant 16/18-jierrigen).

Ut soarte binne ek foar de FFU de konklúzjes fan it rapport slim teloarstellend. Teloarstellend, omdat de repressive taalpolityk fan oerheden en de measte skoalbestjoeren en direksjes yn kombinaasje mei de 'Hollânske tradysje' fan it ûnderwiis noch altyd in grutte bedriging foarmet foar de takomst fan de Fryske (taal)mienskip. It is ek bekend dat bygelyks net eltse ynspekteur de skoallen wiist op it neikommen fan de wetlike posysje fan it Frysk.

Guon fan dy oerheidsfunksjonarissen dogge dêrby boppedat alle war om it ûnderwiis yn Fryslân te fersmeljen ta de mjitbere resultaten by de fakken 'Nederlandse taal en rekenen' en de skoallen yn it iepenbier dêr suver allinne op ôf te rekkenjen. It is de fraach oft de kwaliteit fan it ûnderwiis yn de hiele breedte dêr echt mei tsjinne wurdt. As de klam tefolle leit op it ekonomyske ynstee fan it pedagogyske, smyt soks ornaris allinne gjalpen op oer efterstannen dy't ûntwikkelingspsychologysk en kultuerpedagogysk diskutabel binne. De oerdracht ta it op in goed nivo ynlieden yn de Fryske taal en kultuer (yn in meartalige setting) en it oanbringen fan genôch Fryske taalfeardichheden, ek en benammen skriftlike, wurdt dêrmei opkeart.

Opset ûndersyk
De FFU kin it lykfine yn de opset fan it ûndersyk yn twa parten: in survey-ûndersyk en it útfieren fan in lytse 60 lesobservaasjes. Lesobservaasjes binne perfoarst nedich en de FFU ûnderstreket dan

ek de opmerking op side 32 fan it technysk rapport dat foar it beskieden fan de kwaliteit fan de lessen Frysk net ôfgien wurde kin op wat direksjes en leararen melde op de tastjoerde fragelisten. Wol hawwe wy ús betinkings by de seleksje fan de besochte skoallen. Neffens it technysk rapport binne de besochte basisskoallen net a-selekt keazen. Soks kin (wat) ôfbrek dwaan oan it wittenskiplik nivo (faliditeit, betrouberens) fan de risseltaten. It oan de âlden tastjoeren fan in fragelist wie in goede set, omdat no dúdlik wurden is dat direksjes harren te faak ferskûlje efter it foaroardiel dat de âlden eins tsjin it Frysk op skoalle wêze soene (2006-21).

Wat it Frysk oanbelanget is - yn tsjinstelling ta earder ynspeksje-ûndersyk - ek it freegjen nei it stânpunt fan de bestjoeren posityf. Spitich dat by de kar fan de skoallen wer net a-selekt keazen is troch de goed tritich 'ienpitters' bûten it ûndersyk te hâlden. It argumint dat it skoalbelied yn dy gefallen wol gearfalle sil mei it belied fan it bestjoer soe in gelegenheidsargumint wêze kinne en sadwaande in wat nuodlike ûnderstelling.

Kearndoelen

Op side 26 fan it technysk rapport wurdt wat sein oer hoe't de jongste generaasje kearndoelen ta stân kommen binne. It argumint dat ynhâldlik *mear beheinde* kearndoelen Frysk, ek mear beheind as de nije foar it Nederlânsk, better te heljen wêze soene, is in iepen doar fansels. Legere easken betsjut minder belangryk en liedt by de twadde rykstaal yn eigen taalgebiet ta in Jan poeps plak. Fan lykweardigens en lykberjochtiging is (noch) gjin sprake. Sa'n beheiningsbeslissing past dus yn it repressyf belied fan de lêste pear hûndert jier. Mei sa'n statusferleging wurde (ek) de tsjinstanners fan it Frysk paaid. Fan in strukturele ferbettering sil sadwaande amper of net sprake wêze. Dêrfandinne ek de fûnemintele krityk fan de FFU en fan de Fryske Steaten op de taalpolitike beslissing fan it Ryk om de spegeling los te litten.

By de nije kearndoelen Frysk foar it *fuortset* ûnderwiis jilde guon kearndoelen foar *alle* learlingen, oare kearndoelen binne ornearre foar learlingen mei it Frysk as memmetaal en guon foar de learlingen mei it Frysk as twadde taal. Dat ûnderskied neffens taaleftergrûn wurdt net makke foar de learlingen yn it basisûnderwiis. Neffens ús is de sin: *Aan Friestalige leerlingen worden in de nieuwe opzet andere eisen gesteld dan aan niet- Friestalige leerlingen* (side 26) dan ek net korrekt.

Kearndoelen binne oanbodsferplichtings foar de skoalle(n) en de skoalle heart alle bern op in sa heech mooglik nivo te bringen. It is net sa dat net-Frysktalige bern by goed ûnderwiis folle minder fan it Frysk leare kinne as dat Frysktalige bern dat kinne soene. By de kearndoelen foar it Hollânsk wurdt ek gjin ûnderskied makke neffens de taaleftergrûn fan de learlingen.[1]

As op side 26 sein wurdt dat de FFU mei oaren tsjin de útstelde kearndoeldifferinsjaasje neffens taaleftergrûn wêze soe, dan jout dat net in goed byld. Ofsjoen fan it feit dat der foar it basisûnderwiis hielendal gjin kearndoeldifferinsjaasje neffens taaleftergrûn tapast is (*Frysk op skoalle*, s. 22), stie en stiet de FFU op it stânpunt dat beide talen *lykweardich* en *lykberjochtige* behannele wurde moatte en dat **allinne** *didaktyske* differinsjaasje op syn plak is: elts bern leart fan it Frysk wat it oan kin. It is wichtich dat de skoalle sa goed mooglik oanslút by de begjinsitaasje en dat de bern alle kânsen en tiid krije om harren kennis en feardichheden sa goed mooglik te fergrutsjen. It seit himsels dat de

[1] Ferl. de *Herziene kerndoelen basisonderwijs*: "Het zal duidelijk zijn dat onderwijs in Nederlands als tweede taal vaak een wat ander karakter heeft dan Nederlands als eerste taal: de beginsituatie van de leerlingen is anders, de didactiek verschilt, het aanbod is soms anders gefaseerd, er ligt meer nadruk op de woordenschatuitbreiding. **Maar voor alle leerlingen gelden in feite dezelfde doelen en hetzelfde aanbod** " (s. 5).

measte Hollânsktalige learlingen yn situaasjes dêr't it Frysk (noch) in protte yn brûkt wurdt, makliker op in heger nivo komme kinne as de learlingen dy't net yn sa'n situaasje ferkeare. ***Kearndoel***differinsaasje neffen***s taaleftergrûn*** is dus hielendal net nedich. Soks docht ús foar it Frysk tefolle tinken oan in taalpolityk dy't it brûken fan it Frysk yn Fryslân winliken it leafst tsjingean wol. It eksperimint mei de trijetalige skoalle hat oantoand dat mei in ferantwurde twatalige oanpak hiel wat mooglik is en dat ek net-Frysktaligen somtiden sels fierder komme kinne as Frysktaligen.

As yn it ynspeksjerapport sein wurdt dat der yn de nije kearndoelútstellen basisûnderwiis fan 2004 oare easken steld wurde (moatte) oan de Frysktalige learlingen as oan de net-Frysktalige learlingen dan kin dat opfette wurde as in foarbyld wêze fan 'wishful thinking' en liede ta in 'self-fulfilling prophecy'. Der komt dan út wat men der ûnder dy betingsten ynstoppet.

De risseltaten
[s. 43] Hoe maklik oft de ûndersiker it ear hingje litte kin nei de net tarikkende praktiken, mooglik om de feiten minder slim lykje te litten, is de opmerking oan it begjin fan de paragraaf oer de faktoaren op kontekst- en skoalnivo: Alle basisskoallen dy't formeel gjin ûntheffing hawwe, moatte yn prinsipe *'op zijn minst enige aandacht aan het Fries besteden'*. Wetlik moasten de skoallen sûnder ûntheffing earder lykwols ek foldwaan oan de eardere, spegele kearndoelen Frysk. Oft de skoallen dat no al of net helber achten of dat se der amper tiid yn stekke woene, die net ta de saak. It kin wêze dat de ynspekteurs mei dy opfetting en dy praktyk tefreden wiene, mar akseptabel wie it net.

En dan binne der noch altyd 'op zijn minst' 6% fan de skoallen dy't dêr noch ûnder sitte en hielendal gjin omtinken foar it Frysk hawwe. Sa'n 6% liket net safolle is en jout de suggestje dat it wat tafalt. Dat is fansels skyn.

[s. 47] It is in nuodlik ding om learlingen nei it *belang* fan in fak te freegjen. Wat kriget men dan as antwurd? Neffens ús jouwe de learlingen almeast in reaksje dy't benammen in wjerspegeling is fan de maatskiplike en politike (taal)machtsferhâldings (op makro- en meso-nivo). As in fak net meitelt, bygelyks foar sittenbliuwen of oergean, sakjen of slagjen, dan wurdt it dêrtroch allinnich al net of minder wichtich achte. Oare 'arguminten' binne der winliken net. Wiskunde wurdt faak as wichtich sjoen, ek al hawwe de measte learlingen der muoite mei en gauris ek in hekel oan. Mar it 'moat' no ienris: dan is it fan belang en hat it status!

[s. 48] Wy hawwe ús ûnder it kopke *Toekomstverwachtingen* wat fernuvere oer de naïviteit [?] fan de direksjes. Wy binne fansels bliid mei harren positive ynstek as it giet oer de nije kearndoelen. Mar har hope dat de nije kearndoelen realistysker, helderdere en better helber wêze sille as de âlde, is ôfhinklik fan de noarm of standert dy't men oanleit en dus fan in taalpolitike kar. Ofhinklik fan wat men derfoar oer hat oan tiid en minskkrêft. De hope dat de nije *kearn*doelen differinsjaasje-mooglikheden biede soene, is likegoed diskutabel. By de âlde doelen wie *didaktyske* differinsjaasje, lykas by alle oare fakken, ek al mooglik. Fansels is it moai dat it nije learmateriaal dat no makliker makket.

[s. 49] Hjirboppe is al wat sein oer de iensidige en smelle ynterpretaasje fan wat kwalitatyf goed ûnderwiis is (bgl. it benammen lizzen fan de klam op 'taal' [Hollânsk] en rekenen'). De ynspeksje docht dêr ek oan mei. En is dat faaks wol ferplichte. Dat leit in grutte druk op de learkrêften. En as dy dan ek noch tinke dat de tiid foar Frysk op kosten giet fan it Hollânsk en it rekkenjen, dan hoecht

it jin net te fernuverjen dat der stiet: *Sommige scholen hebben de tijd voor Fries teruggeschroefd , omdat leerlingen onvoldoende presteren bij Nederlandse taal , zodat meer tijd naar die vakken toe moet*. No is it net sa dat der in hiel nau ferbân is tusken tiid en risseltaten, mar it liket ús ta dat der fandat ek in taak leit foar de ynspeksje om iensidigens en smelle ynterpretaasjes te bestriden.

It is yn dat ferbân fan belang om te witten hokfoar taalwinningsteory oft in ynspekteur brûkt. Hoe't er/sy foar it twatalich ûnderwiis oer stiet. Hoe't der omgien wurdt mei de Cito-risseltaten op it mêd fan rekkenjen en taal [Hollânsk]. En wat in *realistyske* tiidsbesteging is foar Frysk as de kearndoelen *serieus* neistribbe wurde sille. It rapport jout sels oan dat yn dat ramt in *'uurtje Fries'* net realistysk is.

Op side 51 jouwe de skoallen ek dúdlik oan dat in protte learlingen de (kearn)doelen net helje. De wize fan rapportearjen suggerearret neffens ús lykwols wat tefolle dat de skoalle it mooglik wol wolle soe, mar dat de bern it net kinne soene. It is eins altyd oarsom: de skoalle wol en kin gjin goed yntegraal taalûnderwiis jaan as de taalpolitike represje net ferdwynt, wylst de measte learlingen hiel wat mânsk binne.

Ofslutend
Nettsjinsteande de minne risseltaten dêr't oer rapportearre wurdt, binne wy wiis mei it rapport. It jout in protte feitlikheden oer de posysje fan it Frysk yn it Fryske basis- en fuortset ûnderwiis. Dêr sil noch hiel wat oan ferbetterje moatte. En wol op basis fan in prinsipiële *lykweardigens* en *lykberjochtiging* yn kearndoelen (aanst grif learstanderts) en de útwurking dêrfan yn it skoalplan en de praktyk.

Itens, 15 augustus 2007

drs. Th Dykstra, *foarsitter*
drs. S.T. Hiemstras, *skriuwer*